

[0065]

**Nei de tsjerke om nijs.**

Yn in niisgiirrich boekje 1) hat Dr. Prakke ús mei gâns mateariael dúdlik makke, dat de lju eartiids net allinne nei tsjerke teagen om Gods wurd forkundigjen to hearren, mar ek om nijs fan wrâldsker karakter. Men kin der ynkomme, dat de tsjerke dêr foar brûkt waard; it folk kaem dêr trouwer gear as nou wol en sa'n âlde tsjerke mocht net altiten like waerm wêze, min siet dêr alteas droech en út 'e wyn.

Njonkenlytsen komt der forset tsjin it brûken fan 'e tsjerke foar de ôfkundiging fan soms wol tige wrâldske saken; op 'e synoaden fan 'e Herfoarme tsjerke al yn 'e 16de en 17de ieu. Yn dit forbân is foar Friezen fan bilang to lêzen, hoe't yn 1817 de jonge Ds. Damsté fan Boarnburgum aksje oangiet om de oankundiging folslein út 'e tsjerke to krijen; de kommissaris fan Fryslân is bang, dat de lju dan net genôch op 'e hichte komme sille fan oerheitsbisluten en set it yn 'e kant (s. 56-61). Tige wiidweidich binne de meidielingen oer de feitlike tastân yn 'e Fryske gritenijen op dit stik fan saken yn 1841, as de synoaden fannijs tsjin de ôfkundigingen yn 'e tsjerke aksje fiert (s.67-76).

1) H.J. Prakke, Kerkgang om nieuws [De kerkespraak]. Prae-journalische nieuwsvoorziening ten plattelande. Assen 1954.

It is yn forbân mei dit boekje faeks net ûnaerdich, ris byinoar to setten, hwat Mr. Gerbenzon, Mr. Oosterhout en ik oer dat ôfkundigjen út rjochtsboarnen en oarkonden út 'e âldfryske tiid gear swylje koene. Mochten der ûnder ús lêzers wêze, dy't oare plakken witte, wy hâlde ús foar it neamen dêrfan fansels oanrikkemedearre.

1.

It leit foar de hân, al wurdt dat yn 'e seendrjochten net mei safolle wurden neamd, dat de tsjerklike rjochtspraek yn 'e tsjerke hâlden waerd. De komst fan 'e biskop moast 6 wiken fan to foaren oankundige wurde, by de deken 20 dagen fan to foaren 'soe aeg syn sind *di haudprester* to keden' (Rq. s. 403 r. 2), oer de haudsto fansels.<sup>2)</sup>

Parallel hjir mei seit it *Skeltarjocht* (U Cap.XXXIX): 'Thit is riucht thet thi ther hir ban leth, thes fiarda jeris bodthing halda mot ther hi wolle, thet is riucht ho hise halda wolle, thet ma hia *kotha scel et allar hand* (l. haud) *kerkena likum. thi prester* efter Cristis morne thet hia thi gretta (l. grewa) halda welle efter sumeres nacht et lettera ewen nacht...'. Hjir moat dus de preester yn eltse tsjerke it greeflik bodthing oankundigje.

It *Rudolfsboek* (Rq. 423 § 12) neamt de saken op, dêr't men in frije Fries om oantaeste kin yn liif en goed, as er oerwoun wurdt; apart wurdt neamd, dat er 'myt wilker' komt 'oen da lyuedware iefta an bannena thinge iefta an da bannena synde, dat moet habba een stal'. En dan folget: 'Uirth hy dan an da minra riucht tree daghen bitinget, soe schillmet hem *ith synre gaetzierka keda*, eer hine itta lioedvare wr tioget'.

De *Wilkerren fan Langewold* fan 1250 (Rq.s.368 § 30) neame, yn in net-fryske tekst, it wurd 'kerkspraecke', dat oars yn ús boarnen mien ik net foarkomt; en it liket wol, dat de oankundiging dêr bûten de tsjerke, op it hôf pleats fynt 'Weso lant verkopen will, de bedet tho des rechten arfgenamen huese mit wartlicke witschape der redgen, und mit bueren, und oock *up den houe mit kerkspraecke* (oare hss.: kerckvolck); wilt de rechte arfgename kopen, he nemet ....'

Ek in losse bipaling yn *Codex Unia* (p. 17<sup>a</sup>) giet oer lânruil en lânforkeap: 'Wha so en land sella jefta wixelia wil, so scil hi thet *itter kerka bieda* thria and itta liudware thria.'

De *Wilkerren fan 'e 5 dielen út ' e 14de ieu* (Rq. s. 476 § 30) sizze: 'Huaso een land sella vil, dat hyt *wr sine ghaekerka bi ede* alle dam deer nest vessa villet *tree dagen*. Ief hit nimmen capet om dat bod, soe aegh hy to da waer to commen, ende al deer toe bieden tree dagen, alle dam deer nest vessa vil. Ief hit dis tredda deis nimmen capet deer nest is, soe aghen da riuchteren hine to ferdien, deer hit oen hiara andert caped, dat him nimmen wald iefta onriocht dwe deer oen.' Ek hjir dus it oanbieden oer tsjerke en war, ear't de ferdban ta stân komt.

De *Papena Ponten* fan 1404 (Kerren Wymbr. Rq. s. 501 § 14) jowe oan, dat it de ehera, dus net de preester, is dy' t meidieling yn 'e tsjerke docht fan it bod. 'Di XIV. pont is, datter neen greetmaen nen ferdeban

2) Fl. de 'Eniga' út *Codex Furmerius fol.65 r/v* (VII punt) : 'ende hwaso decken is syn synde to riuchter tyt to keyane als *sex wyken* eer ther tijt dat hy riuchta schel...'

dwaen scellet, of nen landboede gaer wyse schilleth, noch nen nyar fan landt to ti wysen, het sie to farre *ket wr dae gaetzercka fan da eehera*, deer't landt in leit: ende da nammen fan dae lande in scrifte wr to iaen, ende dae eehera dat weer ti dae waer thi bringen, haert ket sie dan naeth...' Oan dy bipaling kin men dus ek sjen, dat de stikken lân doe as regel, al nammen hiene of it soe wêze moatte dat hjir de nammen fan 'e eigeners mei bidoeld binne.

Ek de Stêdboeken hawwe foarskriften oer it bieden fan lân (of hûs) oer de tsjerke, Paragr. 72 fan it Snitser, 1456, (Telting s. 86) seit: Item, wie landt ofte huysinghe vercoft heeft, die zalt laten *bieden drye Sonnendaghe achtereen ouer die kerck*, ende als die boden al ommegecomen zyn, soe sal dat Recht eenen dach daertoe legghen in die selue weeck, den koop gaer to wysen...' De tekst fan it Bolswerter Stêdboek fan 1455 § 64 (Telting s. 28) hat suver deselde formulearring 'die zalse laeten *bieden drie Sondaeghen by een over dye kerck*', ek dat fan 1479 § 74 (Telting s. 162) 'die salsie laten *beden drie Sonnen daghen byeen ouer die kercke*'.

En jitris seit Roorda (Montanus Hetteema, *Jurisprudentia Frisica*, Tit. XXX) yn § 3 (I s. 230). 'Jeff een man sidze wold dat tet land syn *boed naet hawn heed wr da gaetzerke off oer den waer* want hit en is nen need, alsofyr als dij man dat wel wiste deer dij caep oengingh.' en yn § 25 (I s. 238): 'Hwaso een land sella, wil, dij is schyldich to *byeden wr den waer ende wr da tzercke*, ende hwanneer da boed omcommen sint, so schel me den caper ende den seller gaer wisa ende dit is een gued syd, hoedat dume lyoed hyaere land naet allyck ho to bringe.' De skriuwer nimt it dus foar dit brûkme op: oars soe it lân troch domme lju raer forsilje kinne. Der binne yn dit haedstik en it folgjende mear §§, dy't hjir oer geane, mar mei namme neamd wurdt de tsjerke dêr net. It falt op, dat de folchoarder fan 'tsjerke' en 'war' yn 'e beide §§ net deselde is; dat komt ek yn 'e oarkonden wol foar. Bitsjutting hat dat net: it bod sil altiten earst yn 'e tsjerke pleats hawn hawwe, dan yn 'e war.

*(fuortsetting yn it folgjende nûmer).*

## NEI DE TSJERKE OM NIJS (fuortsetting)

## 2.

Nei de foarskriften, nei de theory, de praktyk. De oarkonden, binammen de ferdbannen leverje gâns materiael. Min soe de plakken chronologysk oarderje kinne, men soe se ek neffens de gritenij byinoar sette kinne it liket my better ta se hjir earst to groepearjen nei de oerienkomst yn formulearring.

De man, dy't de ôfkundiging oer tsjerke (en waer) docht, wurdt net altiten neijer oantsjut, mar dochs wol gauris. Ut 'e formule 'Wy gretmaen *letent...* . keya' (I, 287, 1478, Wûnserad.) 'Ende wy Gretmaen.. . habbet ... kee *leten*' (1487, n.p., Wûnserad.) 'Ende wy Gretmaen ... habbet.. . keea *leten...*' (1487, n.p., Wûnserad.) 'Ende wy Gretmaen. .. habbet, .. keea *leten...*' (1487, n.p., Wûnserad.) '... deer sicko ... op byede haet *leten...*' (1520, n.p., Baerderad.) docht al bliken, dat de grytman it net die. As de grytman dus forklearret, dat de opropping pleats hawn hat: 'Douwo Hoytezoen greetman ... bekenne ... dat desse landen ... sint vproepen' (II, 297, 1521, Haskerl.), '... Douwo Hoytes greetman... belye ... dat desse ...landen ... sint vorkundicht...' (II. 305, 1527, Haskerl.), 'Ende aeck hlye ick ... als een gretman...dat disse fyower maed meeden sint op ropen ..'(II.359, 1531, Anjewier), dan bitsjut dat net, dat er it sels dien hat. Tige dúdlik binne yn dit stik fan saken de trije neamde stikken út Wûnserad. fan 1487, dy't oan 'e meidieling fan 'e grytman(nen) oer de ôfkundiging tafoegje "*fan wsse Swerna(e) riuchter*". Deselde wurden brûke oare net-publisearre stikken: 1502 (Wymbritserad.) '...sint... van den swerren riochter.... keth' , 1531 (Raerderh. ) '... sent ... bijden svaren riuchter ... op ropen: .. ' . ('t komt ek foar, dat de oantsjutting 'riuchter' foldwaende achte wurdt 'velke consent is ... op baeden ... van Broer Goitije zoen riuchter...' (II, 287, 1517, Menamerad. ).

Yn Wymbritserad. komt men dêrfoar tsjin de "*edhera*" of "*swerrenna edhera*": 'Dae waerd dith ... land ... keth ... van den ee hera dier dith ...land jn dae gae leyth...' (1474, n. p., Wymbritserad. ) 'dae waerd dith ... land ... keth ... fan den eeheera diir dit foirs. land in dae ghae leyt..' (1475, n.p.,Wymbritserad.), '... ende dy swerrenna edhera hlyt... dat hy disse landis nammen ... keth hat..' (I, 409, 1494, Wymbritserad.), 'dy swerrenna edhera hlyt ... dat hy ... keth hat...'

In opmerklik gefal levert Gaesterlân (III.48,1531). '...ende *dij ghae riochter off persona* hat hlyt ... dat hijet ... ket hat. ...' Is de preester hjir tagelyk doarpsrjochter?

It ôfkundigjen fan 'kaep' 'boerd' 'ferdban' 'ayndom' etc. wurdt mei ûnderskate wurden oantsjut, meast fansels mei de ien as oare foarm fan kundigjen. De âlde infin. komt foar yn fjouwer stikken út Wûnseradiel

(I.287, 1478; *keya*; 1487 n.p. 2x *keea* en 1x *kee*), mar helte faker it âlde partic. praet. ket(h) (I. 198, 1468, Warkum; 1474, n.p., Wymbritserad.; 1475, n.p., Wymbritserad. ; I. 409, 1494, Wymbr.; 1502, n.p., Wymbr.; 1502, n.p., Wûnserad.; I, 456.1502, Wûnserad.; I, 460, 1502. Frjentsjerad.; I. 481, 1504, Wûnserad.; I, 483, 1504, Wûnserad.; I. 485, 1504, Wûnserad.; I, 490, 1504. Wûnserad.; I. 496, 1505, Wûnserad.; I, 502, 1505, Wûnserad. ; III. 34, 1506. Wûnserad. ; I.529. 1507, Wûnserad.; Sn. Recesb, nr. 4244 (1507), 4485 (1507). Mar dêrnêst steane al witoefolle ûnfryske foarmen: de infin, *kundiga* (1503, n.p., Utingerad.), it ôfsluten mulwurd *condiget* (III. 42, 1526, Sleat; III. 48, 1531, Gaesterlân; III, 50, 1532, Sleat; Sn. Recesb. nr, 4279 (1507), 4244 (1507), *condicht* (I. 542, 1508, Wûnserad.; 1509, n.p., Wûnserad.; II 229, 1509, Wûnserad.); *condighe* ( 1509, n. p. , Boalsert; II, 241, 1510, Wûnserad.); *kundiget* (II. 284, 1517, Wymbritserad.; II.294, 1519, Tytsjerksterad.; II.317, 1524, Ljouwerterad.), *vorkundicht* (II. 305, Haskerl.), *verkundighet* (1512, n. p. , Wûnserad.) .

As synonimen komme foarmen fan (op)roppe foar, tafallich allegearre partic. praet.: *op ropen* (II, 359, 1531, Anjewier; 1531, n.p., Raerderhim), *vproepen* (II. 297, 1521, Haskerlân), *op roppen* (II.365, 1531); *ropt* (III.49, 1532, Sleat), *vproopt* (II. 298, 1521, Haskerlân).

Fierder komme foarmen foar fan it tiidwurd (op)biede of fan it subst., dat dêr forbân mei hâldt: infinityf *op byeda* (1.508, n.p., Dantumadiel; 1508. n.p.; Ferwerteradiel), *op byede* (1520, n. p. , Baerderadiel), Sn. Recesb. nr. 2824 (1511), 'ber Wyka... *baed op ...*' (I.59, 1432, Burgum), participium *baeden* (1510, n.p., Opsterlân); Sn. Recesb. nr. 3458 (1508), 4850 (1515), 5115 (1516), *op ba(e)den* II.265, 1512, Wûnseradiel; II. 287, 1517, Menameradiel: Sn. Recesb. nr. 3204 (1508); (hy) ... hat *dae fulla boed* (1509, n.p., Ferwerteradiel; 1510. n. p., Ferwerteradiel; II. 250, 1511, Ljouwert en Tytsjerksteradiel), ... hath har folla boda (I.195, 1468, Warkum). Forlykje jitte Sn. Recesb. nr. 5114 (1516) 'oensiaende dat hija *dae boed* wr dae tzercka dijz op gaen lieten habbet...'; 5116 (1516) 'ende wijse dat op den deij moern *dat tredde bod* van dat vors<sup>sn</sup> huus schil gaen...'; 2493 (1510) 'ney *dae boed* der ... ghinssen Js'; 3559 (1508) 'dae *dio boden* Jndae tzercke ghinssen weren, . .'; 2824 (1511) 'ende als *dae boden* om commen sint.,,' ; 3204(1508) 'ende als *disse op geboden* om commen weren...'

Ek komt fan en ta in kombinaty fan wurden foar "*kundiget ende lessen*" (II,284, 1517, Wymbritseradiel; II. 292. 1519, Tytsjerksteradiel; II.317, 1524, Ljouwerteradiel), "*verkundiget ende baeden*" (1512, n.p., Wûnseradiel); "*ket ende op baeden*" (II.265, 1512, Wûnseradiel) , wylst III.25, 1535, Tytsjerksteradiel yn in Hollânsk stik mei '*proclameren* ende oproepen' komt; in Frysk stik fan it Snitser Recesboek (nr. 5033, 1516) hat 'publiceret'.

Dat hawwen fan 'e 'folla boda' liket oerien to kommen mei hwat yn `e measte gefallen oantsjut wurdt mei "*noegsam*" (II.284, 1517, Wymbritseradiel; II.292, 1519, Tytsjerksteradiel); *noegsum* (II. 317, 1524, Ljouwerteradiel), *noechlick* (I, 460, 1502, Frjentsjerteradiel), *noeghelick* (1474. n.p., Wymbritseradiel), *nolick* (1487, n.p., 3x, Wûnseradiel), *noelick* (III.34, 1506, Wûnseradiel; I.529, 1507, Wûnseradiel), *noelicke* (I.481, 1504, Wûnserad.; I.483, 1504, Wûnserad.; I. 485, 1504, Wûnserad.), *noulic(k)* (I.409,

1494, Wymbritserad.; I.490, 1504, Wûnserad.; I.502, 1505, Wûnserad.), *nowlic* (1502, n.p., Wymbritserad., Sn. Recesb. nr. 4485 (1507), *nowelic* (1475, n.p., Wymbritserad.), *noulck* (1496, 1505, Wûnseradiel), *nowlicken* (I.456, 1502, Wûnserad.). Dêr foar yn it plak hat II.305, 1527, Haskerlân *formlyck*, dat wol komt omdat `noegsaem specificceert' foarôfgiet yn itselde stik.

Ynsté dêrfan fynt men ek gauris *alsoe bert* (I.481, 1504, Wûnseradiel, *alst beheert* (II.305, 1527, Haskerlân), *soet byheert* (1508, n.p., Ferwerteradiel; 1508, n.p., Dantumadiel; 1520, n.p., Baerderadiel) of *soe als(t) bert(h)* (1502, n.p., Wûnseradiel; I.456, 1502, Wûnseradiel; I. 483,1504. Wûnseradiel; I.485, 1504, Wûnseradiel) of de kombinaesje *als(t) heert ende bert(h)*, I.490, 1504, Wûnseradiel; I.496, 1505, Wûnseradiel; I.502, 1505, Wûnseradiel; III.34, 1506, Wûnseradiel; I.529, 1507, Wûnseradiel; I.542, 1508, Wûnseradiel; I.509, n.p., Wûnseradiel; II.229, 1509. Wûnseradiel; 1509, n.p., Boalsert, II. 265, 1512, Wûnseradiel; 1512. n.p., Wûnseradiel; Sn. Recesb. nr. 4244 (1507), 218 (1494), of, noch wer oars, *alsmen dat scheldych is tho dwaen* (1510., n.p., Opsterlân).

Gauris wurdt ek neijer oantsjut, hwer't dat op birêst. Soms tige algemien als *ney riocht*, heert' (Sn. Recesb. nr. 4485, 1507) `als dat *ney riocht* heert ende bert...' (Sn. Recesb. nr. 218, 1494), *ney landis plychma* (II.298, 1521, Haskerlân), *ney ws landis plyga* (II.305, 1527, Haskerlân, *neydae gewonte ende riocht* (III.48,1531, Gaesterlân; III.49, 1532, Sleat), mar ek gauris mear yn 't bysûnder oanjown; *ney des deels riucht*, *rywcht* (I,502, n.p., Wûnseradiel; I.456, 1502, Wûnseradiel; I.483, 1504, Wûnseradiel; I.485, 1504, Wûnseradiel; I.481, 1504, Wûnseradiel) of 'als heert ende bert *in Wondenseradeel*' (III.34, 1506, Wûnseradiel) ; ek wol *ney syd ende pliga des deels* (I.460, 1502, Frjentsjeradiel) .

In kear komt foar *ney dae papenna ponten* (I.409, 1494, Wymbritseradiel) en ek in kear *ney jnhalden dae papena ponten* (1502, n.p., Wymbritseradiel).

Mar faekst noch de Saksyske ordinânsje, yn forskaet fan wurden: *hlu(j)t dio ordinantie* (II.292, 1519, Tytsjerksteradiel; II. 317, 1524, Ljouwerteradiel), *ney wssen gh ordinancie* (Sn. Recesb. nr. 3204, 1508), *ney hluït der ordinancie* (II.359, 1531, Anjewier), *ney hluud ws gnedichsten heren ordinancie ende vorclaringe* (1508, n.p., Ferwerteradiel), *ney hlwd ws gnetigen heren ordinancie ende verclaringe* (1508, n.p., Dantumadiel), *ney jnhalden myns genedigen heren ordinancie* (1509, n.p., Wûnseradiel), *ney Inhalden wssen gh ordinancie* (Sn.Recesb, nr.3458, 1508), *inhalt myn g.h. ordinantie* (II.265, 1512, Wûnseradiel), *jn halts myn genedigen heren ordinantie* (1512, n.p., Wûnseradiel), *ney jnhalt ws genedigen heren tractaten* (1510, n.p., Opsterlân), *wt befel ws genadigen heer den stat halder heren henrick graeff toe stolbergh ney luyt ons gh befel* (Sn. Recesb, nr. 4383, 1507).

Wenst en foarskrift wie, dat der trijeris to rigele ôfkundige waerd; ek as dêr neat fan sein wurdt, en dat is wit hoe faek it gefal, sil de `folla boda' út trijeris ôfkundigjen bistien hawwe d.w.s, trijeris yn tsjerke en trijeris op it rjocht. Inkelde útsûnderingen lykje der to wêzen: 1502, n. p., Wymbritseradiel, dêr' t sein wurdt "Ende disser landen naemen sint nowlic ... wr dae ghae tzercka onder haechmisse op *een* sneynd keth. ...

Ende dij riochter hat dae landen naemen scrifflic weer toe waer brocht ...' en Sn. Recesb. nr. 5034, 1516 'Disse vors<sup>n</sup> sinte wr dio tzercke publiceret...', mar mear as skyn is dat tinkt my net, de hanling sil herhelle wêze. Dat kin men dúdlik sjen oan al de plakken, dêr't de trijeris herhelle ôfkundiging mei safolle wurden neamd wurdt: *trya*, *trie* ... (bet) *trya*, *trie* (1508, n.p., Ferwerteradiel; 1508, n.p., Dantumadiel; 1520, n.p., Baerderadiel; Sn. Recesb. nr. 2824, 1511); *tryens* (Sn. Recesb. nr. 4850, 1515); *tryens* ... ende *tryens* (I.542, 1508, Wûnseradiel; 1509, n.p., Boalsert, 1509, n.p., Wûnseradiel; II.241, 1510, Wûnseradiel), *tri(j)a*, *trye reys(s)(e)*.... *trye reys* etc. (1510, n.p., Opsterlân; II. 284, 1517, Wymbritseradiel; II.317, 1524, Ljouwerteradiel; II.365, 1534), *tryeris* ... *tryeris* (II.229, 1509, Wûnseradiel); *trija ter tyt* ...

Ende *trija ter tijt* (1531, n.p., Raerderhim); *eens twija trya* (II.297, 1521, Haskerlân); *eens: orsta: ende treddatijt* vp beheerlijcke tijden (II.298, 1521, Haskerlân); den ena: den oersta, ende *tredda-dey* (II, 305, 1527. Haskerlân); *eens orsta ende treddareys* (II.297, 1521. Haskerlân; II.305, 1527, Haskerlân); *tree daegen* (II.359, 1531, Anjewier); *tr(e)ije snei(j)n(d)en* (neijmencorm), (neijmankorum)... ende *eck tr(e)ije riuchtda(e)gen*, riocht daegen (II.287, 1517, Menameradiel; III.42, 1526, Sleat; III.49, 1532, Sleat; III.50, 1532, Sleat; Sn. Recesb. nr. 3204, 1508) of. yn omkearde folchoarder, *trya riocht dagen ...trija sneijnden ney mancorm* (III.48. 1531, Gaesterlân). Fierder komt it ek foar, dat men alles net sa mei namme en tanamme neamt, mar men dochs út hwat der sein wurdt ta deselde sitewaesje konkludearje moat b.g. Sn. Recesb. 3559, 1508: 'Ende alst *op den tredde riocht dei* voer riocht kaem dae dio boden Jndae tzercke ghinssen weren ... dae kamen,..'; nr. 4244, 1507: `ende *op den fyaerden dei* daemen dae wandela scolden ghaer wijsa Soe hat pater .... dat schut'; 5114,1516: 'oensiaende hat hija dae boed wr dae tzercka dijr op gaen lieten habbet ende troeg hyare selm *den tredde deij* vortoeft habbet ...'; nr. 5115, 1516: 'dat dae boed van dij aerste coep sint schieldich voerd toe gaen als op den dey moern den *tredde deij* om dattet *twae Reijsen* Js baeden wr dae tzercka ende wr dij waer... ; nr. 5116, 1516: 'ende wijse dat op den deij moern dat *tredde* bod van dat vor<sup>sn</sup> huus schil gaen wr dae tzercka ...'

Hwer't de ôfkundigingen pleats hawn hawwe, wurdt net altiten oanjown, mar dochs gauris en dan is it ornaris oan 'e iene kant de geatsjerke, oan' e oare kant de warf, mar ien fan beiden kin ek weibliuwe; dat sil den wol net bitsjutte, dat dy net oan bar kommen is, mar dat it al to bikend ûnderstelde weilitten is, It is de ôfkundiging oer de warf, dy' t dan weibliuwt, dy oer de tsjerke is der fansels altiten, omdat dat ús útgongspunt by it sammeljen fan it mateariael wie, De formule is *in dae tzercke* Sn. Recesb, nr. 3559, 1508, *wr dae, dio tzerck, tzercke, tzercka* Sn. Recesb. nr. 218, 1494, 2493, 1510, 4279,1507; 4383, 1507; 4850, 1515; 5033, 1516; 5114,1516; 5116, 1516; *wrdae* of *dyo gaetzercka* (der is hiel hwat forskaet fan stavering). *wr ws gha czstercka* komt foar I.59, 1432, Burgum; 1474, n.p., Wymbritseradiel; 1475, n.p., Wymbritseradiel; 1487. n.p., Wûnseradiel; 1487, n.p., Wûnseradiel; 1487, n.p., Wûnseradiel; I.287, 1478, Wûnseradiel; I.409, 1494,

Wymbritseradiel; 1502, n.p., Wûnseradiel; I.456, 1502, Wûnseradiel, I.481, 504, Wûnseradiel; I.483, 1504, Wûnseradiel; I. 485, 1504, Wûnseradiel; I.490, 1504, Wûnseradiel; I.496, 1505, Wûnseradiel; I.502, 1505, Wûnseradiel; III.34, 1506, Wûnseradiel; I.529, 1507, Wûnseradiel, Fierder: *tho Franker wr den haedtzkerke* (I.460, 1502, Frjentsjerteradiel) *in Mennaldama tzercka foirt standen riucht ... in Mennaldama standen riucht in due tzercka* (II.154, 1487, Menameradiel).

Binne der twa lidden, dan binne gâns lytse fariaesjes mooglik: *wr tzercka ende waer* (II.297, 1521, Haskerlân; II.305, 1527, Haskerlân); *wr dae tzercke ende ... wr waer* (II.365, 1534), *wr dae tzercka ... ende voer den waer* (Sn. Recesb, nr. 4485, 1507); *wr dae tzercka ende wr den waer* (Sn. Recesb. nr. 3458, 1508; *wr dae tzercka ende wr dae waer* (Sn. Recesb, nr, 2824, 1511), *wr dae tzercka ende wr dij waer* (Sn. Recesb. nr. 5115, 1516); *vr dae tzerke in raerd Ende ... wrden vaer* (1531, n. p., Raerderhim); *wr dio (dae) ghaetz(i)ercke ende waer* (II.265, 1512, Wûnseradiel; 1512, n.p. Wûnseradiel), *wr dae ghae tzercka ende deels waer* (1510, n. p. , Ferwerderadiel; II.250, 1511, Tytsjerksteradiel); *wr ws tzier(c)ka ende...wr dij dae) sta(e)ndende waer* (III. 42, 1526, Sleat) ; (III. 49, 1532, Sleat); *wr ws tzierka ende...wr ws staendende waer* (III.50, 1532, Sleat); *wr dae gaestzierka...wr dyn waer* (1520, n.p., Baerderadiel); *wr dio gatzerke ende wr een staende waeren* (II, 292, 1519, Tytsjerksteradiel); *wr dio gatzercke ende insgelyck wr staende waren* (II.317, 1524, Ljouwerteradiel); *ur dio (dae) ghaetzer(c)ika (of: ke) ende (of: bet) wr ws (of: een of dio) standena (of staende) waer* (1508, n.p.. Dantumadiel; 1508, n.p., Ferwerteradiel; II. 284, 1517, Wymbritseradiel); *wr vse (ws) ghae tzer(c)ka ende wr ws (vsen) stundende ware (waer)* (I.195, 1468, Warkum; I.198, 1468, Warkum) *wr dy ghae tzerke ende wr dy waer* (II.264, 1512, Baerderadiel); *wr dae ghae tzercken ende waer* (1509, n.p. Ferwerteradiel); *toe Menaldum wr dyoe ghae tzercke ... ende ... foer mij toe Lijouwert* (II.287, 1517, Menameradiel) ; *wr die gae tzercke ... ende ...foer riucht* (I. 542, 1508, Wûnseradiel); *wr dae ghae tzercka .. ende... weer toe waer brocht* (1502, n.p., Wymbritseradiel).

Mar de folchoarder kin ek oarsom wêze d.w.s. earst wurdt de ôfkundiging foar it rjocht neamd, dan dy oer de tsjerke: *voer recht ende oewer die kerck* (net Frysk; III, 52, 1535, Tytsjerksteradiel); *voer riucht ende wr dae tzercka* Sn. Recesb. nr. 3204, 1508; *toe waer ende kerk* (II.359, 1531, Anjewier); *wr waer[ende] tzaercke* (II.298, 1521, Haskerlân), *wr den waer end wr dae tzercka* Sn. Recesb, nr. 4244, 1507, *wr den landes waer ende wr[da] tzercka* (1510, n.p., Opsterlân); *foer riocht ende ... oer die (dae) tzercke* (II.229, 1509, 'Wûnseradiel); *foer ryocht ende ... wr dyo gae tzercke* (II.241, 1510, Wûnseradiel), *foer riucht ende wr dyo gae tzercke* (1509, n.p., Wûnseradiel); *foer riucht ende ... wr dyo tzercke* (1509, n.p., Boalsert); *wr dae staendende waer ende. ..wr dae ghae tziercka* (III.48, 1531, Gaesterlân).

Doe't it ôfkundigjen ont trijeris ta neamd waerd, haw ik al efkes der op wiisd, dat de tiidsoantsjutting `trije sneinen neimencorm' en `trije riuchtdagen' (de folchoarder oarsom) gauris foarkomt. Fariaesies binne *op verschaete sneynden ende waerdaegen* (1520, n.p., Baerderadiel; 1508, n.p., Dantumadiel: 'op vorschatte sneynden ende waerdagen', lyksa 1508, n.p., Ferwerteradiel), onder haechmissa op een sneynd\*) (1502, n.p.,

\*) fl. Snitser Recesboek nr. 4384, 1507 "onder haechmissa onmachtich macket."



Wymbritseradiel).

In aerdich foarbyld, dat ôfkundigingen yn 'e tsjerke ek wol oer oare dingen gyngen as lânforkeap ensafh. jowt de 'Eerste ordonnantie op de zeedijken' (Burm.-Eys.-archyf), n.p., foar 1503 oer Utingeradiel:

Ende aeck so sijt een ijgelick riuchter bifalln dat zee dit copia soen schicken fen gae to gae in wteingerdeel ende aeck *dae gae tzerk* kundiga dat wt elcke gae scella wessa twae volmachtige en wernsdeij nestcummen opa, zedijck ...'

Ek it Snitser Recesboek hat in mannich nijsgjirrige gefallen:

218 (1494): dae waerd Jelmer allert zin *faij ende ferdlos leyd* liues ende guedes wr een standen waer ende ney wr dae tzerck als dat ney riocht heert ende bert *om een daedel ...*

4279(1507); 'het is wr dae tzercka kondiget ende verboden *dat nemmen nen ghees moet halda* dan elk op syn ayna landen ende hwa syn ghees naet hofftiget ende in oer liodena land byginssen off byfonden wirde Jen moegma daed smyte sonder breeck.'

4383(1507): 'Op den XXXen dei Jn maya wr dae tzercka op een sneynd onder haegmissa soe is buwa reyntiessin *onmachtich macket ende wt dae mondschip set* wt befel ws genadigen heer den Stat halder heren henrick graeff toe stolbergh.'

5033(1516) 'Ter ere goeddes ende zementlyke tot welfaert myns g.h. heren hartoege van Gelre ende der stat Sneeck etcetera soe hebbe wij bevelsluden Jn namen ende van wegen sijnder ff. g. *gecoren burghemeisteren schepenen ende Raet* hjir nae bescrewen dit Jaer lanck regierende (folgje de nammen).'

5034 Disse vors.<sup>n</sup> sinte wr dio tzercke publiceret dominica letaere...'

Hat it doel, al dy lytse ûnderskieden út to plûzjen, lyk as hjir boppe dien is? My tinkt fan al. Men kin dan sjen, hoefolle fariaesje by alle oerienstimming yn 'e greate streken doe jit mooglik wie; alles wie noch net tradysje, cliché, sjablone wurden, der is jitte rûmte foar persoanlike foarkar. It is ek nuttich to sjen, hoe' t biskate formules yn itselde plak of yn deselde krite weromkomme; nêst in persoanlike liket soms in pleatslike tradysjefoarming oan it ûntstean to wêzen. Ek lykie soms stikken út tige útienlizzende gritenijen op groun fan 'e formules dochs byinoar to hearren; de oerienkomst sil dan wol to tankjen wêze oan it feit, dat ien persoan dy stikken skreau. Dit soe fierder ûndersocht wurde moatte, fansels op groun fan mear mateariael, mar út de stekproef, dy't hjir nommen is, kin men dochs sjen, hokker mooglikheden in forfine útkjimmen fan 'e gefallen jaen kin. Ek yn 'e graed fan ûnfryskens, nei tiid en plak, kin in systematysk ûndersiik nei it ûnderskie yn wurden foar deselde ynhâld goede oanwizingen jaen.

It hat faeks doel, om ta bislút fan dizze oarkonde-stúdzje nei to gean, hoe't de sprieding fan 'e gefallen is nei plak en tiid en hoe de frekwinsje. De folgjende gritenijen komme oan bar. Anjewier (1x: 1531), Baerderadiel (2x: 1512 en 1520), Boalsert (1x: 1509), Dantumadiel (1x:1508), Ferwerteradiel (3x: 1508, 1509, 1510), Frjentsjerteradiel (1x.1502), Gaesterlân (1x: 1531), Haskerlân (3x: 1521, 1521, 1527), Ljouwerteradiel ( 1x: 1524),

Menameradiel (2x: 1487, 1517), Opsterlân ( 1x: 1510), Raerderhim (1x: 1531), Sleat (3x: 1526, 1532, 1532), Snitser Recesb. (15x: 1494 1x: 1507 4x: 1503 3x: 1510 1x. 1511 1x: 1515 1x: 1516 4x), Tytsjerksteradiel (4x: 1432, 1511, 1519. 1535), Utingeradiel (1x: 1503), Warkum (2x: 1468, 1468), Wymbritseradiel (5x: 1474, 1475, 1491, 1494, 1502, 1517), Wûnseradiel (20x: 1478, 1487, 3x; 1502, 2x; 1504, 4x; 1505, 2x; 1506, 1507, 1508, 1509, 2x; 1510, 1512, 2x), Wûnseradiel en Snits rinne der, hwat it tal oangiet, frijhwat út. Yn elts gefal kin fêststeld wurde, dat de biwarre oarkonden in moai part fan Fryslân bislagge; der is fansels ek gâns forlern gien sadat wy, tinkt my, wol oannimme meije. dat oer hiele Fryslân ienris it kundigjen oer 'e tsjerke wenst west hat, al bliuwt it in opmerklik forskynsel, dat de gefallen hast allegearre út 'e plattelânsgritenijen en de lytse stêdden foarkomme --- hwerom misse de greate stêdden, lyk as Ljouwert en Frjentsjer? Fansels sil de forkundiging oer 'e tsjerke, nêst dy oer de warf, foaral praktyske bitsjutting hawn hawwe foar de greate plattelânsgemeenten, mar hwerom forskine dan b.g. Sleat en Warkum àl op it appèl?

It tiidsbyld, dat de oerlevere gefallen sjen litte, is sa: 1432(1x) , 1468(2x), 1474(1x), 1475(1x), 1478(1x), 1487(4x), 1494(2x), 1502(4x), 1503(1x), 1504(4x), 1505(2x), 1506(1x), 1507(4x), 1508(6x) 1509(4x), 1510(4x), 1511(2x), 1512(3x), 1515(1x), 1516(4x), 1517(2x), 1519(1x), 1520(1x), 1521(2x), 1524(1x), 1526 (1x), 1527(1x), 1531(3x), 1532(2x), 1534(1x), 1535(1x), dat is, fordiel oer tiidrekken fan 10 jier: 1432-59: 1; 1460-69: 2; 1470-79: 3; 1480-89:4; 1490- 1499: 2; 1500-09: 26; 1510- 19: 17; 1520-29: 6; 1530-39: 7 --- of foar 1500: 12, nei 1500: 56.

De tallen binne frij lyts en de tafalsfaktor is great, mar dochs liket it foarkommen fan it kundigjen yn 'e tsjerke net hielendal deselde kurve to hawwen as dy fan de tallen oarkonden yn it Frysk, publisearre en net-publisearre, yn 'e ûnderskate tiidrekken.

<u>14<sup>de</sup> ieu</u>	<i>Tal oarkonden</i>	<i>Tal oproppingen</i>
1320-29	1	---
1370-79	1	---
1380-89	2	---
1390-99	7	---
	11	
<u>15<sup>de</sup> ieu</u>		
1400-09	15	---
1410- 19	24	---
1420-29	27	---
1430-39	39	1
1440-49	36	---
1450-59	80	---
1460-69	82	2
1470-79	134	3
1480-89	200	4
1490-99	242	2
	879	12

<i>16de ieu</i>	<i>Tal oarkonden</i>	<i>Tal oproppingen</i>
1500-09	194	26
1510-19	90	17
1520-29	81	6
1530-39	42	7
1540-49	14	---

It tal oarkonden rint dus regelmjittich omheech ont 1500 ta, om dan hurd to sakjen; it hichtepunt leit by 1500. It tal oproppingen oer de tsjerke folget dat oanwinnen en ôftakjen moai krekt (mei útsûndering fan de tiid fan 1490-1499), mar hjir leit it hichtepunt yn 'e tsien jier fan 1500-1509. Mar jitrís de tallen binne to lyts om hjir greate wearde oan ta to kennen. Wol docht út beide bliken, dat it Frysk moai op reis west hat as offisiële tael, mar dat fuort nei 1500 de kear komt. Dat strykt ek wol aerdich mei de konklúzjes fan Fokkema yn syn diss. 'Het Stadsfries', dy't de forhâlding fan Fryske en net Fryske oarkonden neigien hat by de geastlikheit, de boargerij en it stêdsregear en der op út wol, dat it Saksyske biwâld, dat yn 1498 bigjint, tige it stimpel set hat op `e taelûntjowing,

Mar hjir komme wy by kwesjes, dy't to fier ôflizze fan de oanlieding ta dit opstel en better yn greater forbân bihanle wurde kinne.

*J.H. Brouwer.*

**NEI DE TSJERKE OM NIJS, OANFOLLING.**

De Hear H. Halbertsma to Amersfoart festiget yn in brief, nei oanlieding fan it artikel fan Prof. Brouwer yn it foarige nûmer fan Us Wurk de oandacht op it folgjende plak:

(Charterboek van Friesland, I, s. 205): der wurdt yn 1348 frede sletten tusken de greve fan Hollân en Westergo, letter ek Eastergo. De beide teksten, de iene fan 24 july, de oare fan 31 july 1348, binne suver oan inoar gelyk. It hjit dêr, dat de "Grietmanni, Judices et Consules, totaque communitas terre Westerginis (Ostriginis)" de "treugas", dy't sletten binne, de oare deis bikend meitsje sille "pet terras nostras, parochias in ecclesiis, sermonibus, stationibus publicis et caetibus faciemus publicare, et proclamare juxta tenorem omnem, modum et formam litterarum praesentium, quibus praesens cedulla est transfixa dicto Domino sub sigillo terrae nostrae."

Wy tankje de Hear Halbertsma tige foar dizze oanfolling.